

Tryater is it meartalige teaterselskip fan Fryslân en makket diel út fan de lanlike kulturele basisynfrastruktuer. We spylje goed 270 grut- en lytsskalige meartalige (yn alle gefallen Frysk-Nederlânske) foarstellingen yn it jier, foar sa'n 25.000 besikers: bern, jongeren en folwoeksenen. Mei Ljouwert as útfalsbasis sjochst ús yn hiel Fryslân en ek dêrbûten. Yn teaters en doarpen, yn skoallen en op lokaasje. We bringe nije ferhalen, ticht op de hûd fan ús publyk. Mei alle ûnderfining dy't we sûnt ús oprjochting yn 1965 opdien hawwe en mei alle ynspiraasje en enerzjy fan it jonge talint dêr't we mei wurkje.

Om it team Publyk (marketing & kommunikaasje) út te wreidzjen siket Tryater in kampanjelieder foar de folwoexen produksjes (foarstellingen en râneprogrammearring). Sitst yn Team Publyk mei de teamlieder, de kampanjelieder jeugd & jongeren, de spesjalist online, de spesjalist crm & ferkeap en twa stazjêres (kommunikaasje en dtp). Wurkest projektjittich gear yn in dissipline-oerstiigjend team.

TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

Hâldst dy ûnder mear dwaande mei:

- It ûntwikkeljen fan goed trochtochte en kreative, crossmediale kampanjes foar de foarstellingen dy't Tryater yn teaters, mar foaral op lokaasje, bringt foar folwoexen besikers.
- It meitinken mei de ôfdieling Edukaasje oer it promoatsjen fan de râne- en plusprogrammearring by ús meartalige foarstellingen foar folwoeksenen.
- It opstellen en behearen fan budzjetten en plannings en it briefen fan yn- en eksterne kreativen (foarmjouwers, fotografen, filmers, contentmakers).

FOAR DIZZE WURKSUMHEDEN:

- Hast nau kontakt mei it artistike team fan Tryater en mei dyn oansprekpunten fan û.o. de ôfdielingen Produksje en Technyk.
- Stimst dyn plannen ôf op de oare marketingplannen troch goed oerlis mei de teamlieder en dyn kollega-kampanjelieder jeugd & jongeren.
- Ferdjippst dy yn de doelgroepen fan Tryater yn it algemien en dy fan de produksjes yn it bysûnder, wêrby'tst yntinsyf gearwurkest mei ús spesjalist crm & ferkeap.

- Spanst dy yn om ús kommunikaasje tagonklikker en ynklusiver te meitsjen.
- Hast kontakt mei de spyllokaasjes en eventuele koproduzenten.

DYN PROFYL

- Besikst oer relevante wurkûnderfining, by foarkar yn de kulturele sektor.
- Skriuwt flot en flaterleas yn yn alle gefallen it Nederlânsk. Stietst iepen om Frysk ferstean en skriuwe te learen, of kinst dat al.
- Bist kreatyf, oertsjûgjend, iepen en krekt. Kombinearrest in strategyske blik mei in hands-on mentaliteit.
- Kinst omgean mei hektyk en bist ree om bûten kantoartiden te wurkjen (foar bygelyks fotoshoots/ fideoregistraasjes en foar ynset by foarstellingen).

Foldochst net oan alle easken, mar tinkst dat we dy wol hawwe moatte? Dan nûgje we dy ek fan herte út te reagearjen. Coed om te witten: mei ús foarstellingen sprekke we in brede doelgroep oan. Dêrom sjogge we diversiteit graach werom yn ús personielsbestân, sawol yn artistike teams as op kantoar. We moedigje dan ek elkenien oan om te sollisitearjen op dizze funksje, wêr'tst mar wei komst, watst wol of net leaust, hoe'tst dy identifisearrest of fan wa'tst hâldst. Wurkje yn ferskaat gearstalde teams makket ús effektiver, ynnovativer en it wurk moaier.

WAT BIEDT TRYATER?

Tryater is in dynamyske organisaasje mei noflike kollega's en in ynformele wurksfear. Komst te wurkjen yn ús eigen teatergebou yn de binnenstêd fan Ljouwert. De funksje is foar trije dagen yn de wike, wêrfan yn alle gefallen de moandei en de tongersdei. Salaris en arbeidsbetingsten binne konfoarm de CAO Toneel en Dans. Dêrneist kinst rekkenje op ûnder mear in soad opliedingsmooglikheden en in simmerfakânsje fan fiif wiken. We biede in kontrakt foar in jier mei by goed funksjonearjen in ferlinging mei sicht op in fêste oanstelling.

Bist entûsjast wurden? Stjoer dan uterlik 1 novimber 2022 dyn cv mei koarte motivaasje nei info@tryater.nl t.a.f. mefrou B. van Oyen-Peenstra. De earste petearen stean pland op 15 en 16 novimber. Foar fragen oer de funksje kinst kontakt opnimme mei Berber van Oyen, haad Publyk ad interim, op b.vanoyen@tryater.nl